


HERTLIK WOLKOM BY DE UPSTALBEAM

Jo binne hjir by de Upstalbeam, in plak fan grutte betsjutting, net allinnich foar East-Fryslân, mar ek foar it hiele eardere Fryske gebiet lâns de Noardseekust. Al mear as 400 jier lyn waard de Upstalbeam as “Alter fan de frijheid” fierd, en oant hjoed-de-dei ta wurdt er sjoen as symboal foar de frijheid fan de Friezen.



Lokaasje fan de Upstalbeam flak by Rahe op de kaart fan Willem Pieter Camp fan 1806


De Upstalbeam wie in soarchfâldich útkeazen begraafplak. Hy leit op it heechste punt fan de deksânrech út de lêste iistiid by Rahe.

Staatsbibliothek zu Berlin – Preussischer Kulturbesitz



Romantysearre ôfbylding fan de byienkomst by de Upstalbeam, troch Ludwig Kittel, 1921

Yn de midsiuwen kamen de fertsjintwurdigers fan alle frije Fryske lannen by de Upstalbeam byinoar om kontrakten en wetten te bepraten. Der wie gjin frjemde oerhearsking. De frije Friezen hienen it rjocht op ynspraak yn regionale polityk en persoanlike frijheid. Yn it hiele Hillige Roomske Ryk wie der gjin oare regio mei fergelykbere yndividuele rjochten.



As jo de leane dy't hjir begjint nei it noarden folgje, komme jo nei sawat 800 m út by de yn 1833 oprjochte stiennen piramide dy't hjoed-de-dei de saneamde 'Upstalbeam' markearret. Oarspronklik lei op dit plak in flakke, iermidsiuwske grêfheuvel út sirka 800 nei Kristus. By de leane lâns jouwe 12 buorden ynformaasje oer de skiednis fan de Upstalbeam en de Fryske Frijheid.



FRYSKE FRIJHEID - IN LIBBENE TRADYSJE

Yn it histoarysk bewustwêzen fan de kustregio spilet it oantinken oan de Fryske Frijheid en it sammelplak by de Upstalbeam ek yn dizze tiid noch in grutte rol. Sa hawwe de stêden Aurich en Appingedam (prov. Grinslân) noch yn 2009 harren stêdebân op dit plak opnij bekrêftige.

Yn 2018, by de sanearring fan it terrein, binne der buorden mei útlis pleatst om dit histoaryske plak tagonklikker te meitsjen. Dat waard mooglik makke troch de belutsenheid fan de stêd Aurich, dy't subsydzje út it programma ZILE krige en dêr inselde bedrach tsjinoer stelde.



Sûnt 1833 hat de Ostfriesische Landschaft de Upstalbeam yn besit. Dat ynstitút stiet yn de direkte tradysje fan de mear as 550 jier ferlyn oprjochte saneamde freie ostfriesische Landstânde. As dy harren opfolger is dat hjoeddeis in moderne, regionale tsjinstferliener op it mêd fan kultuer, wittenskip en ûnderwiis. It hâldt de tradysje fan de Fryske Frijheid libben.

Yn 1327 krige Appingedam mei de 'Buorbrief' by de Upstalbeam it stedsrjocht.


Argyf fan de Gemeente Appingedam



Totius-Frisiae-segel fan it ferbûn fan de Upstalbeam fan 1338

Centre historique des Archives Nationales, Paris; kast J.526, nr.4

- Übersetzung Adrian Mills
- Translation Katrin Herzberg
- Vertaling Ilse Gerdes / Anita Willers
- Oversetten Ytsje Steen-Buwalda
- Oersetting



**OSTFRIESISCHE
LANDSCHAFT**



EUROPÄISCHE UNION
Europäischer Landwirtschafts-
fonds für die Entwicklung des
ländlichen Raums



Bundesministerium
für Ernährung
und Landwirtschaft

Hier investieren Bund und Land im Rahmen der Gemeinschaftsaufgabe „Verbesserung der Agrarstruktur und des Küstenschutzes“



NATUERLÂNSKIP

De Upstalbeam leit op in flakke sedimintrêch út de lêste iistiid op in hichte fan sawat 7 meter boppe NN (= NAP). Yn dizze streek binne al spoaren fan minsklike aktiviteiten fûn fan fóar de stientiid. Flak by de Upstalbeam leit in bysûnder geologysk fenomeen: it Dove Meer. It hast sirkelrûne wetter is in pingo dy't ûntstien is yn de Weichselien-iistiid, sa'n 11.000 jier ferlyn. Boppe in permafrost-boaiem foarmen har heuvels mei in kern fan iis, dy't oant 100 meter heech wurde koenen, mei in trochsneed fan inkelde hûnderten meters. Letter bleau dêr in saneamde pingoruïne fan oer, in mei wetter folle kom fan sawat 6 meter djip, mei in 2 meter hege ringwâl deromhinne. De mar waard ta lân en rekke úteinlik bedutsen mei heechfean.

De grêfheuvel Upstalbeam leit op dy ringwâl. Dat plak wie heech en drûch en dêrom hiel geskikt as sammelplak. Fia de rivier Sandhorster Ehe wie it ek oer wetter te berikken.



**OSTFRIESISCHE
LANDSCHAFT**




EUROPÄISCHE UNION
Europäischer Landwirtschafts-
fonds für die Entwicklung des
ländlichen Raums



Bundesministerium
für Ernährung
und Landwirtschaft


Hier investieren Bund und Land im Rahmen der Gemeinschaftsaufgabe
„Verbesserung der Agrarstruktur und des Küstenschutzes“

Hichtesônekaart
LGLN, Regionaldirektion
Aurich



**Pingo's yn 'e
omkriten fan it
doarp Rahe**
LGLN, Regional-
direktion Aurich,
Axel Heinze

**Loffoto
Dove Meer**
Martin Stromann,
SKN Norden



BEAMWÂLEN

De omjouwing fan de Upstalbeam jout de yndruk dat it om in echt natuerlânskip giet. Yn werklikheid is dat lânskip lykwols troch minsken makke. It meast kenmerkjende elemint binne de beamwâlen.

Beamwâlen sette harren stimpel op grutte parten fan it lânskip fan de East-Fryske deksânreûch. Sy foarmje in taflechtsoarde foar tal fan seldsume plant- en diersoarten. Fanwege harren grutte bioferskaat wurde beamwâlen sjoen as kultuer- en natuermonuminten en binne sy tige de muoite wurdich om te beskermjen.

It beamwâllânskip by de Upstalbeam lit mei syn bûgde foarmen noch midsiuwske struktueren sjen. Dy hienen oarspronklik in ienfâldich doel: de mei strûken en beammen beplante wâlen soargen derfoar dat it fee dat op it mienskar weide net op it boulân kaam en dêr skea feroarsake. Yn de omkriten fan de Upstalbeam by Rahe is dus noch oan hjoed-de-dei ta de ûntwikkeling fan it lânskip ôf te lêzen. De âlde, bûgde beamwâlen omslute de histoaryske delsetting. De jongere, meast rjochthoekich oanleine wâlen tsjûgje fan de werferdieling fan de lannen yn lettere tiden. It gebiet by it daliks oan de súdwestlike kant grinzjende Dove Meer waard pas tusken 1803 en 1807 opdield en fan beamwâlen en sleatten foarsjoen.



**OSTFRIESISCHE
LANDSCHAFT**



**Beamwâllânskip
by de Upstalbeam**

Susanne
Sander-Seyfert

**Loffoto
Upstalbeam**


LGLN, Regional-
direktion Aurich



IN IERMIDSIUWSKE GRÊFHEUVEL

Under de stiennen piramide leit in flakke grêfheuvel: de 'oarspronklike' Upstalbeam. Dy earste lytse heuvel is in begraafplak út de iere midsiuwen fan in famylje dy't yn de regio heech yn oansjen stie. Pas yn de hege midsiuwen waard dat it sammelplak fan de frije Friezen.

Al yn 1815 en 1833 waarden by de Upstalbeam archeologyske fynsten dien út de iere midsiuwen: in fersierde pot út it Rynlân, in lânseigen kûgelpot en in weardefol swurd. Resinter ûndersyk hat trije urnegrêven oan it ljocht brocht, en ek de stoflike resten fan ien man en twa froulju dy't dêr yn de lette achtste en njoggende iuw begroeven binne. De deaden waarden ryk útrist. Sa waarden der bygelyks in stik as 60 kleurde glêskralen, in heakfoarmige kaai en in mes fûn, hearrend by in frouljusgrêf. By de útrissing fan de man hearden wierskynlik it swurd dat yn 1833 fûn wie, en ek ûnderdielen fan in gurdle en in mes. It oantinken oan it begraafplak bleau libben oant yn de tiid fan de friesische Landtage ('De Fryske lândagen') by de Upstalbeam, fan de tolfde iuw ôf.



FRIJE FRIEZEN


Yn de rike Fryske gebieten oan de Noardseekust ûntwikkelen har sûnt ûngefear 900 nei Kr. bysûndere rjochtsferhâldingen dy't unyk wienen yn it ryk. Fan 1050 ôf slagge it East-Fryslân om alle oanspraken op macht fan bûtenôf troch frjemde greven, hartoggen en biskoppen ôf te warren. Tagelyk waard de situaasje yn it lân kenmerke troch de mooglikheid fan politike meisizzenskip en it rjocht fan it yndividu om oer himsels en syn eigendom te beskikken. Yn de Fryske gebieten oan de Noardseekust ûntstienen fan de 11e iuw ôf sa'n 30 lytse steaten, bestjoerd nei it foarbyld fan de midsiuwske stêden. Oan it haad fan dy autonome 'lannen' stienen foar in bepaalde termyn keazen 'riedslju' of 'konsuls'. Yn prinsipe wienen alle frije Friezen foar de wet gelyk, ûnôfhinklik fan harren besittingen. Machtsmisbrûk en wanbelied koenen korrizjearre wurde.

Sûnt sirka 1100 waarden de op dat momint jildende wetlike regels ek skriftlik fêstlein en faak yn kleasters bewarre. Op de "17 Kêsten", de earste mienskiplik- Fryske wetlike kodeks, folgen oant yn de 14e iuw in grut oantal Fryske rjochtsteksten, lykas bgl. de Brokmerbrief út it lêste fjirdepart fan de 13e iuw. Harren macht en harren rykdom koenen de Friezen, lykas yn Marienhafe, nei bûten ta sjen litte mei ûnfoech grutte tsjerkegebouwen sa't dy oars allinnich mar yn stêden te finen wienen.



Brokmerbrief
Gottfried Wilhelm
Leibniz Bibliothek -
Niedersächsische
Landesbibliothek
Hannover

**Fryske kriger,
muorreskildering
út de tsjerke
fan Woldendorp,
Grinslân,
sirka 1350**
Hans Vermeulen,
Grins



DE SÂN FRYSKKE SEELANNEN



De Fryske Frijheid wurdt oant hjoed-de-dei ta sjoen as in bûtengewoan fenomeen yn de skiednis. Fertsjintwurdigers fan de lân-gemeenten, mei it symboalyske getal De Sân Seelannen neamd, kamen mei de Pinkster by de Upstalbeam byelkoar om harren fan de ûnderlinge frede tusken alle lannen en lânsdielen te fersekerjen en meielkoar gefaren fan bûten ôf te warrjen. Der binne bewizen fan soartgelikense byenkomsten fan ûngefear 1100 oant 1327, mei ûnregelmjittige tuskenskoften.

Yn de mienskiplik-Fryske Santjin Kêsten stiet: “De lânsgearkomste sil mei de sân ôffurdigen fan it folk út de sân seelannen by de Upstalbeam holden wurde, op de tiisdei fan de pinksterwike, neffens de wet fan alle Friezen.”



HEARSKIPPIJ FAN HAADLINGEN

Om 1320 hinne markearret in stinzebouferbod yn de Brokmerbrief in kearpunt yn de Fryske politike situaasje. In ekonomyske krisis, natuerrampen en úteinlik in pestepidemy om 1350 hinne laten ta de ûndergong fan it âlde systeem. In protte boeren moasten hûs en hiem opjaan. Besit en macht konsintrearren har by foaroansteande famyljes dy't as 'hovetlingen', haadlingen dus, in befoarrjochte adellike posysje krije koenen. Harren gesach oer de lannen fersekeren se troch it bouwen fan fersterke stienhuzen en stinzen. De Fryske frijheid as it rjocht ta selsbeskikking oer de eigen persoan en it eigendom waarden troch dy ûntwikkelingen lykwols net oantaast.


Harren ynkomsten krigen de haadlingen út harren boerepleatsen, hannel, mar ek út seerôverij. De tiid fan de haadlingen waard kenmerke troch oanhâldende ûnderlinge feten tusken de haadlingefamyljes, lykas bgl. de famyljes Tom Brok, Wiemken, Ukena, Allena of Idzinga. Fan sirka 1400 ôf waarden by dy ûnienichheden ek de Likedielers (East-Fryske seerôvers) belutsen. De East-Fryske haadlingen joegen dy seerôvers ûnderdak en makken dêrtroch benammen de Hânzestêden Bremen en Hamburch ta harren fijannen.



 OSTFRIESISCHE
LANDSCHAFT

It Stienhûs
yn Bunderhee

Eppo fan
Rinsumageast
Fries Museum,
Ljouwert



IT GREEFSKIP EAST-FRYSLÂN

Yn East-Fryslân waard sûnt 1400, earst benammen troch de famylje Tom Brok en letter troch Focko Ukena, besocht om de frije boeren ta heffingen en tsjinsten te twingen en de frijheidsrjochten te beheinen. Dat late yn 1420 ta in opstân yn de Wesermarsch. Yn 1430 waard yn it westlike East-Fryslân in 'frijheidsbûn' foarme tsjin de bedriging fan de frijheid fan binnen út, ûnder lieding fan de haadling Edzard Cirksema.

Oan 'e ein fan dat proses waard de famylje Cirksema yn de grevestân ferheft. Sûnt 1439 naam dy famylje – mei in ûnderbrekking fan inkelde jierren – it gesach yn de stêd Emden oer. Ek slagge it Ulrich Cirksema, de soan fan Edzard, om it gesach oer it grutste part fan de East-Fryske lannen yn hannen te krijen. Yn 1464 waard er troch keizer Frederik III yn de ryksgrevestân ferheft en krige er East-Fryslân as ryksgreefskip yn lien. Dat wie allinnich mooglik mei't Ulrich troch de East-Fryske adel erkend waard, om't hy de frijheids- en eigendomsrjochten fan de Fryske boeren net oantaaste en in stannemaatskippij akseptearre. Yn de 16e iuw waarden de frije boeren yn it plak fan de geastlikheid in aparte politike stân – in absolute útsûndering yn it Hillige Roomske Ryk fan de Dútske Naasje.




OSTFRIESISCHE
LANDSCHAFT



Greve Ulrich I
fan East-Fryslân
(sirka 1408 – 1466)

Belienings-
oarkonde foar
Ulrich Cirksema
1464

NLA AU, Rep. 1, Nr. 37



Als Mandat des Imperator Romy
Wahres Epus Patruen Camellary

IT IDEE FAN DE FRYSKE FRIJHEID

De Upstalbeam hie op syn lêst sûnt healwei de 14e iuw syn politike funksje ferlern. De frijheidsrjochten fan de Friezen wienen yn sosjaal en polityk opsicht fanselsprekend wurden. Mar yn it lêst fan de 16e iuw waarden sy ûnderwerp fan de feten tusken de regearjende Cirksena oan de iene kant en de stêd Emden en de fertsjintwurdigers fan de stannen oan 'e oare kant. Nei de revolúsje fan Emden yn 1595 en it ferdriuwen fan it grevehûs út Emden ferhearlike de histoarikus Ubbo Emmius dêrom de Upstalbeam as teken fan it ferset fan de stannen en de boargerij tsjin greeflike machtsoanspraken. As symboal fan de Fryske frijheid tsjinne de Upstalbeam dêrmei as legitimaasje fan de politike en juridyske oanspraken fan de stannen tsjin it regearjende grevehûs.

Ubbo Emmius beskreau troch in misferstân dat it ryksfrije Fryslân yn de midsiuwen in beam en in harnaste man mei in lâns yn it mienskiplike segel fierd hawwe soe. Dêrmei joech Emmius de opstannige boargers fan Emden in model foar it segel fan de troch harren oprjochte kriichsried, mei in 'Upstals-boom' en in striidbere frije Fries.



**OSTFRIESISCHE
LANDSCHAFT**

Ubbo Emmius
(1547–1625)



It Upstalbeam-
segel fan de
kriichsried fan
Emden om 1600
hinne

Ostfriesisches Landes-
museum Emden



UBBO EMMIVS,
Grethanus Frisius,
*Historiarum et Linguae Graecae in Academia Grœ-
ningana et Omlandica Professor optime moritus,
ejusdemque Rector primus.*
Natus A. 1547. d. 5. Dec. Mort. A. 1625. d. 7. Dec.

IT WAPEN FAN DE UPSTALBEAM

Nei in fûleindige politike machtsstriid wienen der neffens it Akkoart fan Osterhusen fan 1611 – de East-Fryske ‘grûnwet’ – twa rjochtmjittige soevereine hearskers: it grevehûs en de lânstannen. Sûnt dy tiid ferkearden beide partijen yn in bitere striid mei elkoar. De East-Fryske greven waarden yn 1654 tsjin it beteljen fan in jildbedrach ta de ryksfoarstestân ferheft. Doe woenen de lânstannen – ek Ostfriesische Landschaft neamd – ek in erkenning fan harren bysûndere soevereine posysje. Dat berikten sy yn 1678, doe’t keizer Leopold I de lânstannen in eigen segel en wapen ferliende – in unyk barren yn it ryk.

It segel fan de Kriichsried fan Emden fan 1595 mei de ôfbylding fan in harnaste kriger mei lâns en swurd ûnder de ikebeam tsjinne as model foar it wapen fan de Ostfriesische Landschaft. Dy fiert dat wapen noch altyd as rjochtsopfolger fan de lânstannen en as parlemintêr-demokratysk publykrechtlik lichem.



 OSTFRIESISCHE
LANDSCHAFT

Sierpagina
foar it ferlienen
fan it wapen oan
de Ostfriesische
Landschaft 1678
NLA Au, Dep. 1, 5421



Segelstempel fan
de Ostfriesische
Landschaft
mei Landschafts-
wapen



LOKAASJE FAN DE FRYSKJE FRIJHEID

It plak fan de Upstalbeam hat altyd in sterke symboalske wearde hân. Dochs bleau de feitlike lokaasje flak by Rahe oant fier yn de 19de iuw inkeld in noch altyd ta it gemeentebesit hearrende, braak lizzende en mei beammen beseame heuvel op 'e doarpsikker. Sa wurdt er foarsteld op de earste ôfbylding, in gravuere út it jier 1796, makke troch de architekt en ûndernimmer Conrad Bernhard Meyer (1755–1830) út Aurich.

Sûnt 1777 feroare dat byld. Doe waard foar it earst in foarstel dien om in monumint op te rjochtsjen op de heuvel fan de Upstalbeam, omdat dy symboal stean soe foar de Fryske frijheid yn de sin fan in 'demokratyske folkssteat'. Yn 1814 dienen ferskate fertsjintwurdigers fan de boargerij fan Aurich, har bewust fan de betsjutting fan de lokaasje, opnij in foarstel om in monumint op te rjochtsjen. In obelisk soe de East-Friezen betinke dy't yn de befrijingsoarloggen tsjin Napoleon sneuvele wienen. Der waard in model fan hout makke, in pamflet printe en jild ynsammele. Om't it inisjatyf net genôch stipe krige, koe it projekt net realisearre wurde, mar de Upstalbeam wie no yn it publike bewustwêzen ferankere as plak fan de Fryske frijheid.



 OSTFRIESISCHE
LANDSCHAFT



Untwerp foar
it monumint
út 1814. C.B.
Meyer, Aurich

Gravuere út 1796
troch C.B. Meyer,
Aurich

UPSTALSBOOM

IT UPSTALBEAM-MONUMINT ÚT 1833


Oan it begjin fan de 19de iuw drige de Upstalbeam noch ûnder de ploegen fan de neistlizzende boerebedriuwen ta boulân makke te wurden. Yn 1833 liet de Ostfriesische Landschaft dêr, neffens de doetiidske smaak, in piramide út balstiennen oprjochtsje. Dy kamen foar in part út de sloopte midsiuwske Lambertitsjerke yn Aurich. Der waard lykwols ôfsjoen fan in ynskripsje foar de piramide.

It monumint is in symboal foar de oanspraak fan de Ostfriesische Landschaft op frijheden fan de stannen en autonomy – foaral yn de tiden fan striid om politike rjochten fan de lânstannen tsjin de absolutistyske ambysjes fan it keningshûs fan Hannover. De piramide is in earste symboal fan de nije selsdefinysje fan de lânstannen mei it each op harren ôfnimmende politike ynfloed yn de 19de iuw.

Fan de santiger jierren fan de 19de iuw ôf ûntstienen troch it oankeapjen fan lân by de Upstalbeam in park en in bûkeleane. De Upstalbeam waard populêr. Pas yn 1894 liet de Ostfriesische Landschaft in tinkplaat op it monumint oanbringe: “Op it sammelplak fan harren foarâlders, de Upstalbeam, oprjochte troch de stannen fan East-Fryslân yn it jier 1833”.




 OSTFRIESISCHE
LANDSCHAFT



Aansichtkaart
fan Hermann
Schüssler, 1909

Plan fan it park
út 1870



YN DE 20STE Iuw

Nasjonaal entûsjasme en massale dea yn de Earste Wrâldoarloch laten yn 1916 ta it beslút fan de Ostfriesische Landschaft om noch mear lân by de Upstalbeam oan te keapjen en dêr in 'Heldenhain' ('betinkingsplak') mei in ikebeam foar elke sneuvele East-Fries oan te lizzen. Yn 1918 waard fan dat plan ôfsjoen.

Nei 1933 ynterpretearren de nasjonaalsosjalisten de Upstalbeam te'n ûnrjochte as Germaansk 'dingplak'. Der waarden plechtichheden en nasjonaalsosjalistyske parades holden. Mar nettsjinsteande oare plannen waarden der gjin signifikante, troch ideology motivearre feroaringen oanbrocht.

Nei it beëinigjen fan de oarloch yn 1945 bea de Upstalbeam de histoaryske legitimaasje foar in Ynterfryske gearwurking, foaral mei Nederlân. Fan 1950 ôf organisearre de Ostfriesische Landschaft hjir alle jierren de Ostfriesentag ('Dei fan de East-Friezen'). Yn 1955 foarme it terrein it dekôr foar in ynternasjonale byienkomst mei fertsjintwurdigers fan it 6e Friezen-kongres.

De Upstalbeam en it omlizzende terrein binne eigendom fan de Ostfriesische Landschaft. Yn it Histoarysk Museum fan Aurich wurde fynsten út archeologyske opgravingen tentoansteld. Op de website fan de Ostfriesische Landschaft fine jo mear ynformaasje.



 OSTFRIESISCHE
LANDSCHAFT



EALA FREYA PRESENA!

1. Upstallboom – wo deine Blätter rauschten
Einst in alter, längst entschwund'ner Zeit,
Als die Väter ernste Zwiesprach tauschten,
Für des Volkes Freiheit stets bereit.
2. Wo in stolzen, hohen, grüner, Kronen,
Die Ostfrieslands Leid und Freud gesehn,
Rauher Wind aus Nordlands eis'gen Zonen
Und im Sommer lichte Lüfte wehn.
3. Steh ich träumend hier in Deutschlands Norden,
In der Heimat naah so manchem Jahr,
Ist auch vieles, vieles anders worden
Und der alte Baum nicht wo er war.
4. Rauschen doch in jungen Wipfeln wieder,
Wie von Glück und Ruh im alten Fort,
Noch dieselben schönen, alten Lieder,
Aber ach – den Wanderer ruft es fort.

Alko Janßen.

Romantisearre
aansichtkaart fan
Gottlieb Kisten-
macher, sirka 1910

Plechtichheid op
'Ostfriesentag',
1954